



Ynspiraasje- Inspiratiedag

Sneak preview

wy binne
mbû

Lês-mar-foar-wiken

Fan 11 o/m 29 septimber binne wer de 'Lês-mar-foar-wiken'! Yn dy perioade wurdt rûnom yn Fryslân foarlêzen: op de berne-opfang, by gast-âlden en op skoallen. Alle pjutten krije in prachtich nij Tomke-foarlêsboekje en foar bern fan 4 o/m 8 jier ferskynt in nij boekje fan Keimpe de Krokodil. Yn de biblioteek kinne de nije boekjes ek ophelle wurde, tagelyk mei in spesjale edysje fan it tydskrift heit&mem. Fansels binne dêr ek oare prachtige Fryske berneboeken dêr't út foarlêzen wurde kin!

Mei de Lês-mar-foar-wiken is noch folle mear te dwaan: yn de biblioteken binne der ferskate foarstellingen te folgjen, op Omrop Fryslân fynst tolve nije aventoeren fan Tomke én fjouwer printeboek-filmkes en op Tjits Floch binne alle ferhaaltsjes en ferskes út it Tomke-boekje te hearren. Lêze jim thús ek mei? En tink derom: yn septimber kinne jimme oeral yn Fryslân in echte Lês-mar-foar-Arrivabus riden sjen! Sjoch op www.lesmarfoar.frl foar mear ynformaasje.

Nei it sukses fan de ynspiraasje-dagen *Wy binne mbû* en *boargerskip* yn 2022 komt er dit jier in ferfolch op 11 oktober yn Neushoorn, Ljouwert. It wurdt in dei yn it teken fan trije tema's: *Boargerskip út de regio wei*, *Present (Hier Nu!)* en *Meartalich mbû*.

Boargerskipsûnderwiis moediget studinten oan om aktyf diel te nimmen oan de maatskippij; wrâldwiid, mar krekt ek tichtby hûs. As studint learst datst net allinnich ûnderdiel bist fan 'e maatskippij, mar datst der ek mei foarm oan joust. Hoe identifisearje studinten harren mei de eigen regio en op hokker wize kinne we dêr rekken mei hâlde binnen it ûnderwiis?

Mei it nije trijetalige en transmediale projekt 'PRESENT' ('Hier Nu!') wolle wy mbû-studinten bewust meitsje fan en entûsjast meitsje en aktivearje foar in bydrage oan ús demokratyske maatskippij.

De (takomstige) beropsprofessional krijt hieltyd mear te meitsjen mei minsken fan ferskate kulturele en talige eftergrûnen. Yn Fryslân giet it dêrby faak om Nederlânsk en Frysk, mar ek om streektaal en moderne frjemde talen. Mei-inoar wolle wy sykje nei wurkfoarmen om it regionale taalklimaat in plak te jaan yn it mbû. Mear lêze oer de ynspiraasje- Sjoch www.wybinnebu.frl

Op cursus!

Bent u in Friesland kome wonen en wilt u de taal kunnen verstaan en lezen? Wilt u Fries leren spreken? Kinne jo wol Frysk prate, mar wolle jo (better) Frysk skriuwen leare? Volg dan een cursus van de Afûk! Alle cursussen zijn te volgen als groepscursus op locatie. Een cursus bestaat meestal uit 10 lessen van ieder 2 uren en worden (bijna altijd) wekelijks 's avonds gegeven.

Er is ook een online-cursus. U heeft – net als bij de groepscursus op locatie – iedere week les van een docent van de Afûk, maar u volgt de lessen thuis vanachter uw eigen tablet of computer. Of u kiest voor de zelfstudie Fries. Dan kunt u beginnen wanneer het u uitkomt en maakt u de lessen in uw eigen tempo.

Neem voor meer informatie of advies contact op met de Afûk via 058-2343070, kursus@afuk.frl of kijk op kursus.afuk.frl



Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl
www.afuk.frl

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl, of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 **Skearing en ynslach**
Bouke van der Hem
€ 18,50

'Skearingen Ynslach' beskriuwt it opgroeien fan boeresoan Reinder Beetstra yn Fryslân, syn tiid yn militêre tsjinst, it studintelibben yn Grins en de fersuterjende relaasje mei jeugdfeon Sipke.

2 **Salang as it libben duorret**
Sipke de Schiffart
€ 20,-

Sipke de Schiffart sjokkearret, it minskelibben hat brike en mâle kanten, mar hy docht dat mei humor. De Schiffart is in skriuwer dy't wat oandoart. Hy toant him dêrby in ferteller *pur sang* mei in soepele styl.

3 **Wat in rommel!**
Oersetter: Hermien van der Meer
€ 14,99

In eksterpear bout in nêst foar harren prachtige aaike. Al gau miene se dat in gewoan nêst net goed genôch is en komme se mei fan alles en noch wat oansetten.... In hearlik printeboek oer wat tefolle rommel docht...

4 **Fryslân Twaalf Maanden**
Landschappen, natuer en vogels
Jan Tijsma
€ 22,-

Tolve moannen lânskippen, natuer en fûgels yn it Nasjonaal Lânskip Súdwest Fryslân troch de lens fan natuerfotograaf Jan Tijsma. In boek om yn te sjen wat der yn de moannen fan it jier te sjen en te belibjen is.

5 **De albasten nimf**
Ale S. Van Zandbergen
€ 19,95

Yn dizze roman sketst Van Zandbergen in haadpersoan mei iensumens, yn in situaasje dy't op 'en doer om help ropt. De help komt der, fan in psychotereute, in frou dy't mei har freondinne in bernewinsk hat...